

Parseberjocht Audiofrysk

Audioboeken yn it Frysk

Audiofrysk is in nije útjouwerij foar harkboeken yn it Frysk.

Streefdoel is om yn it earste jier 20 boeken fan Fryske skriuwers as audioboek út te bringen. Hjirby wurdt gearwurke mei Luisterrijk.nl, de stifting It Fryske boek en de Fryske útjouwers.

Repertoire

Mei it each op de doelgroepen: jeugd, minsken dy't it Frysk wol machtich binne, mar eins net lêze kinne, Friezen om utens, ensfh. bestiet it repertoire út trije parten:

± 5 boeken foar bern

± 10 aktuele romans en ferhalebondels

± 5 'klassiken', âldere boeken, dy't dochs noch in grut publyk lûke kinne.

Produksje

As it kin, lêst de skriuwer sels de tekst yn. Skriuwers hawwe faak erfaring mei foarlêzen; de autentisiteit jout dan in mearwearde. Yn oare gefallen komme betûfte foarlêzers oan it wurd om de audiobestannen te meitsjen.

Fersprieding

No't ynternet sa breed tagonklik is, en it delladen fan muzyk en filmkes foar in protte minsken de gewoanste saak fan de wrâld is, kinne ek de harkboeken fia dit medium ûnder de harkers brocht wurde. Yn gearwurking mei de site Luisterrijk.nl wurde de harkboeken online te keap oanbean. Tsjin fergoeding kinne se dêr delladen wurde om se dan yn in mp3-spiler (faak de mobyl tsjintwurdich) te setten en dernei te harkjen.

Cd's


Sommigen hawwe dochs leaver wat konkreefts yn hannen en dêrom wurde de audioboeken ek op cd setten. Op eltse audioynstallaasje kinne se dan ôfspile wurde. De produksje ferget útsoarte mear wurk en materiaal, dus is it harkboek op cd ek wat djoerder as online. De harkboeken op cd binne ynearsten te bestellen fia Audiofrysk.nl, letter eventueel by de reguliere boekhannels.

Subsydzje

Om't de oplage yn it Frysk net gau heech wurde sil, falt it net ta om út de kosten te kommen.

Om ien en oar dochs mooglik te meitsjen, hat de provinsje Fryslân foar it earste jier in subsydzje fan € 10.000 beskikber steld oan Audiofrysk, yn it ramt fan it Aksjeprogramma Frysk en ICT.

Audiofrysk is in aktiviteit fan DAT tekstbureau, Easterwierrum. Foar mear ynformaasje sjoch www.audiofrysk.nl, of belje mei Jan Schotanus, tel. 058-2501465.



audiofrysk.nl